

MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: FNP, Sybren Posthumus
Mei-yntsjinner(s): VVD, Esther de Vrij GrienLinks, Charda Kuipers CDA, Aebe Aalberts

Moasje nr.	04
Paraaf	
Wurklistpunt	09
Beslút	

MOASJE, ex artikel 30 Reglement van orde

Steategearkomste	1 july 2020
Wurklistpunt	Startnotysje Ekonomy
Koarte titel fan de moasje	Goed plak foar ambacht en fakmanskip
De Steaten, yn gearkomste byien op de 1 ^e fan heamoanne 2020	
heard hawwende de rieplachting;	
konstatearjende dat	
<ul style="list-style-type: none">• Ambacht en fakmanskip net eksplisyt neamd wurdt yn de startnotysje as wichtich punt• Der ek yn Fryslân in grut tekoart oan fakminsken is of driget en bedriuwen dêrom sels al bedriuwsskoallen hawwe of dy oprjochtsje• Yn 2019 ien op de seis bedriuwen yn Fryslân oanjoech dat der produksjebeheinings wienen troch in tekoart oan fakkundich persoanien	
oerwaagjend dat	
<ul style="list-style-type: none">• PS by startnotysjes oan it Kolleezje kaders meijaan kin foar belied• It net allinnich fan belang is dat persoanien teoretyske kennis hat mar dat ek omsette kin yn de praktyk• In goede timmerman, skilder, elektrotechnikus goud wurdich is• Fryslân der klear foar wêze moat as de ekonomy wer oanlûkt	
fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten	
<ul style="list-style-type: none">• By de útwurking fan Programmaline 1, ûnderdiel 1 (Human Capital), in goed en eksplisyt plak te jaan oan de ambachtsekonomy en fakmanskip	
en gean oer ta de oarder fan de dei	

MOASJE

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)
	FNP, Sybren Posthumus
	VVD, Esther de Vrij
	GrienLinks, Charda Kuipers
	CDA, Aebe Aalberts